

(46)

Opside fan Westers hûs, oer de strjitte,
 wie in koarte steech,
 en dêr wenne iens "de karrider",
 Doeke Roodbergen, mei Lim
 en de bern.

In lyts húske, oan 't smel strjitsje,
 útsicht op oarmans muorre,
 en in inkele sinnestriel.

Jouke, 79, is ien fan Doeke Lims bern,
 wenjend oan de Gedempte Haven, en
 noch yn 't deistige by Bouma's Bakkerij
 yn aksje. Fokje, syn suster,
 wie troud mei Jan Kleinhuis. De jongste
 broer is jong ferstoarn.

En de hûnen lutsen,
 en de karrider op 't sitsje stjoerde,
 hie it roer yn hannen,
 op wei en retoer Ljouwert en Snits.
 Stânplak Grou, by Jonkers pleats
 foar Drukkerij Friso en by
 Bakkerij Haites, tsjinoer Bouma.

It thús fan de hûnen wie by de Fûlens,
 njonken no de Griene brêge.
 De karre stie, lykas
 dy fan kollega Piter van der Berg,
 besiden de Grutte Skoalle
 in frij plak, neist 5^e en 6^e lokaal - mei de
 masters Bos en De Bruin -
 no postkantoar.

En jûns wiene de pakjes fan Hartelust
 en de doazen fan C&A en V&D troch de
 famylje Roodbergen, Fim mei 't smel
 sulver op, besoarge, en te plak by de
 Grouster kliïntêle.

Lettere bewenners fan 't steechshûs
 wiene de famylje Petersen-Gorter,
 of wol Job en Antsje.
 Sy wie in Grouster, en Job kaam fan
 Harns, in 'bevaren' man, sa sei men dan.
 Job wie meast wurkleas, en de frou
 brocht bakkersguod rûn.

Der wiene fjouwer bern.
 Gryt troude mei de seilmakker
 Hindrik Melles. Brechtsje gong
 bûten út, en de jonges
 Hindrik en Andrys waarden kapper.
 Sij hawwe yn 't wurk west by baas Sipke
 Visser en de famylje Jan Boerke.

Yn 'e steech, neist Petersens doar,
 kaamen noch twa doarren dêrop út.
 Dizze datearje,
 sa tinkt men, fan datum en jier,
 doe't it wetter foar dy huzen lâns
 streamde yn foarm fan de Baai.

(47-48)

Oan de Trijehoek,
 rjochts fan Doeke Lims steech, stiene
 twa huzen, fan de
 kommys en de molkfarder.

It earste mânsk; it twadde freonlik,
 mei troch it read ferve geveltsje.

(47)

De kommysfamylje ha ik kommen, en
 gean sjoen; der wiene twa jonges.

Bekender wie de famylje Bijlsma,
 Sytse en Styntsje Bijlsma-Sietema,
 dy't letter yn 't kommizehûs wennen,
 dêr't frou Bijlsma by de berte fan har
 twadde soan it libben liet.

De famylje Bijlsma, - Sytse wertroud mei
 Heechhiem's dochter, widdo Anne
 Boonstra-De Boer, wenne letter oan de
 Noarderdwarsstrjitte en dêrnei oan de
 Molestrjitte, hjir nêst syn medefirmant fan
 Van der Made en De Vries.

En noch letter wennen yn it kommizehûs
 û.o. de famylje Bosma-Looienga.
 Bosma wie boerearbeider yn 'e Suorein.
 Dochs ien dei yn 't jier, dan wie
 Bosma de man, en wie hy de betroude fan
 Sint Pïters hynder. De skimmel en Bosma
 wiene yn 't deistich wurk maten.

*Kreas ferklaaid liede hy syn beest dan,
op in meldij fan Apollo,
troch de buorren, 21 febrewaris,
De grutte dei fan Grou!*

*Bosma's frou wie Atsje, dochter fan de
molkfarder Thomas Looienga.
Atsje hat, mei de fyts, op kusjebannen,
hiel wat retoers Grou – Akkrum
distribúsje-kantoar ôflein;
'40 – '45,
wie it bonnen helje, bringe, foar- en
ynljochtsje, en Atsje wist it. – Sekuer
en foar in pear sinten, hie men alles op
regel, tank sij Trijehoek's frou Bosma!*

*Hja hiene trije bern
De âldste dochter gong fan Grou, de
jongste troude mei de Jirnsummer
Wiersma, en de soan
stuts de seeën oer.*

*Yn 't Halbertsma's blêd fan july '82
stie in skriuwen, oer syn wenjen
en wêzen dêr, en ek sa oer
syn neitins oan bertegrûn.
't Libben op 't Trijehoekje, syn deistich
wurk, en de sfear fan Halbertsma's
fabryk, en minsken dêr,
sa om en neiby syn
âldershûs.*

*It brief wie ûnderskreaun as
Uilke Bosma, en tusken streepkes,
Uke.*

(48)

*En de buorman fan de famylje Bosma
"Op Trijehoeks efterdoek",
wie en bleau, de molkfarder
Tsjitse Seldenrust,*

*soan fan it bekende pear minsken
Fokke en Pytsje
út it efterom, en troude
mei Rindertje van der Meulen,
Labân dochter.*

*Syn stap, syn klompestap,
wie as in klok foar de bewenners
fan de Bierhallesteech.
"Moarns ier, jûns let"*

*Der wiene trije famkes, Atsje
de âldste waard frou Siegers.*

*Pytsje, de twadde, moast men
jong ferlieze, en Meintsje,
trede yn de rige, troude mei
Gerrit Jans Okkema, en sy wennen mei
de dochter, yn 't winkelhûs, om it
hoekje troch de Poarte.*

*Folle boerebern, haw' yn skoaljierrren
in thúshân by Tsjitse en Rin, û.o.
Japke Sjollema, myn klassegenoat, no
wenjend yn Leppe Hiem yn Akkrum.*

*Molkfarder, 't wurd is hast frjemd, mar
wy hawwe se kend, dy Grouster mannen.
In Hinne de Jong, in Homme de Boer,
Klaas Budstra, en in Simen Dijkstra,
Jochum van Zwol, Jehannes Kooistra,
Úbele Ijpenga, Thomas Looienga
en Tsjitse Seldenrust.*

*Yn waar en wyn binne se fearn "De Mar
oer". De izerene skou mei 't seil en
mei de folle bussen retoer it fabryk –
Swiere reizen soms, nei de pleatsen en
werom op de Grouster dyk ta.*

*Hjoed, July '83, leit it fabryk plat, en de
molkfarder, hy sil nea tocht ha, dat
soks iens barre sillen hie.*

*De famylje Seldenrust hat har tiid
ôfsluten oan de Trijehoek.
It hûs sil witten hân ha
fan it wetter, foar syn muorren lâns.
Troch befluorjen fan de kade, hie dit
hûs doe in efterom.
In kreas hûs, sinne, en útsjen - oer
"de Nije kade" - op Halbertsma's
fabryks tagong.*

*

Alderen fertelle oer dizze omjowing,
 en in foto hâldt dat libben, dat earder de
 tún fan it Halbertsma hûs - dat stie oan de
 Riedhússtrjitte lofts fan it âlde Riedhûs -
 (m), oan de efterkant grinze oan de doe
 bredere Baai, in sitewaasje dy't wy net
 kend ha. It prieel yn dy rûn,
 oan 'e seam fan wâlskant,
 is op in foto sichtber, krekt as in skamper
 fan slachter Bokma's hûs oan 'e
 Trijehoek, dêr't ik sa op kom. (49)

De Baai rûn foar ús tiid fierders by de
 nisneamde huzen en hiemen lâns.
 Nei it dimpen kaam (ca 1904) hjir in
 strjitte mei, foar ús, de namme 'Nije
 Kade', dy't ek fierder om it nije
 fabryksterrein hinne rûn, op 'e Grou ta.

Wat letter, en fan ús tiid, rûn men fanôf
 de Trijehoek, tusken de huzen fan
 Seldenrust en Bokma troch,
 dizze ûnoffisjele Nije Kade op.
 Dêr't doe,
 op 'e ein, de skipper foar de wâl lei (x),
 Halbertsma's fabryk draaide,
 minsken wennen,
 en wy boarten.

*

(49)

En no as lêsten Jurjen en Aaltsje,
 slachtersfamylje Bokma, noch te plak.
 De namme is al earder neamd.

't Hûs stie mei rêch en hokje efter oan
 Halbertsma's tún, en 't sicht nei de
 Trijehoek,
 kreas fan oansjen, mei keamer, en dêr-
 njonken in romte ta slachtsjen en ferkeap!

De Trijehoeks bern wienen fiif dochters
 en twa soannen.

Anne wie iens slachter yn de Lytse
 Buorren. Sake sette de saak op oan de
 Dimpte Haven, no De Vries.

Yn ferline jierren sutele men jins waar
 ek út en men sjocht se gean, 't aadsje
 ûnder de earm, in geskikt gebraden deryn -
 te witten:

Trijehoeks kollega's, in Sjoerd Sints, Jelle
 Sints, Wypke Sints, en ek sa
 in Piter Sints,
 en fan lettere datum, ek Koldijk, Uilkema,
 al sa de soannen Sybe en nochris in Sybe.

En sa kaam ek Bokma's
 pakesizzer, Aaltsje, dochter fan
 Lize Mink en Pytsje Bokma, by de
 doar lâns.

In ferkeapsterke dy't der slach fan hie,
 en, dy't we letter kend ha,
 en noch, ûnder de namme

Van Borssum Waalkens, en iens
 oan't haad stie fan de tige útboude saak
 oan Haadstrjitte - Riedhússtrjitte.

(n)

En dan no it alderlêste perseeltsje, it
 iennichste dat fan "de Trijehoek",
 hoewol yn oare foarm, noch oerein stiet.

't Is de tûnsteksdoar fan 't hûs mei
 de foarein oan de Riedhússtrjitte, dêr 't
 iens wennen, de famylje Van der Ploeg,
 slachter Buwalda, de kastlein en hjoed
 de famylje Dijkstra-Pijl.

En oan de Trijehoek dan, lei it
 efterom fan dat hûs; in bekend plakje
 tusken smidte en grientesaak Westers hûs.

Dizze efterútgong fan V.d. Ploeg/Buwalda
 hie in Rjocht, d.w.s.
 dat Boochstrjittes útgong tusken
 Riemersma en Tichelaar, altyd
 frij wêze moast foar neamde bewenners
 fanút efterom's tûndoar.

*Dit siet de Firma tsjin, omdat men
krekt dêr in stek pleatse woe, as skieding
Fabryk – Buorren. Koartom, der
is oerlein, en 't plan slagge. Buwalda's
eftertúndoar waard auto útrit, en
de Firma sloech in stek.*

*Hjoed is it de schoonheidsspecialiste
Tsjitske Pijl, mei mans namme Dijkstra,
dy't aanst it Nije Grou oer rydt.
De Trijehoek is útspile!*

*Mar wa wit, leit der ek iens,
in nije Trijehoek
yn plan "De Baai" iepen.*

**De "Nije kade".
Fan Trijehoek nei Baai**

(50)

*Yn 't earste hûs dan, om 'e hoeke
fan de sa neamde Nije kade,
njonken de molkfarder
Tsjitse Seldenrust,
wenne de skuonmakker-skearbaas
Jacob Sjoerdsma, stamfaar
fan mannich Grouster Sjoerdsma.*

*By him ynwenjend
syn dochter Libe, Elisabeth.
Letter ek mei har man,
de Akkrummer Kees Visser en de
fjouwer jonges, hjir de bewenners.*

*Foarhinne soe hjir
- sa wurdt wol sein - in herberchje
west ha. In moai plak,
sa flak oan
it iepen wetter fan Baai en Grou.*

(51)

*Nêst dizze famyljes wennen
Sipke en Richtsje Siebesma-Jonker.
Siebesma wie foarman
bij Halbertsma.
Ek in man fan Apollo
en Tsjerke.*

*Syn frou wie in dochter fan Jan en Tyt,
bekend fan String's iistintsje.*

*Sipke en Richtsje wiene ek iens
it kosterspear fan de Herfoarme tsjerke.
Antsje Gorter, fan't manufaktuere-
winkeltsje, om Poarte's hoek,
waard de lettere frou Siebesma.*

*En yn dit Siebesma's hûs
oan de Nije Kade
ha ek, û.o. as personiel fan de Firma
wenne, Jan en Gjetsje Leistra-Dijkstra,
sy in Hoannepôlesdochter.
Syp en Richtsje Broeksma-Bouma,
sy in dochter fan de skriuwer – dichter
Durk Bouma en Afke Atema.*

(52)

*En njonken dit hûs, mei klimop omslein,
en fan hiel oar makkelei, stie,
it sa sein Grutte pakhûs,
âld en fersliten fan jierren, en
dochs de minske tsjinjende.*

*De solder foaral by 't winter,
wie in geriif foar neisten en oaren,
en de hierder betelle syn jefte
oan Grutte Tseard de Jong.*

*En om '18 hinne, of earder, binne it
de mannen dy't ûnder de namme
"Van der Made en De Vries"
hjir de earste stap setten, nei wat*

*no Stork Bepak is, oan de Volmawei,
earder de Westers helling dêr.*

De oprjochters fan dit bedriuw
wiene iens wurknimmers fan
de firma Van der Ploeg,
it izerfabryk oan de âlde Grouster dyk.
Om de tweintiger jierren ferpleatste men
dat gehiel nei Apeldoorn.

Inkelen bleaune efter
û.o. Tsjitse de Vries, in Grouster
seilmakkerssoan, en Jan van der Made,
krecht sa.

Harren froulju wiene
Aaltsje Stok (earste frou De Vries) en
Tsjitske van der Scheer.

Yn de rige fan firmanten, wenjend doe,
oan de Molestrjitte, wie ek dy fan
Bijlsma, sa gewoan sein
Sytse Anne, famylje Bijlsma-De Boer.

(53)

En noch is dêr in Hok oan de Nije
kade, in mânsk turfhok,
of dêr ta tsjinjende.

't Moat iens in grut
skiphûs west ha, dat rikte yn lingte
fan de Baai nei 't âlde haventsje.

Bazen oer beider romten
sa wit, en neamt men,
Grutte Tseard de Jong,
Sybren van der Vlugt en
Louw Atema.

Grutte Tseard, wie gjin brânstofman.
Van der Vlugt en Atema
sjoch ik wol gean.

't Karke, de koer der yn,
oploege mei briketten en de oar'
feardich de koer mei
50 baggelers op 't skouder,
op wei nei de klant,
foar 11 stoeren "op 'e bak",
tritiger jierren.

(54-55)

En dan is der lofts noch
"Wâl's paadsje"
fan eardere en lettere datum, de
linebeam foar hûs, oan Baai's kant.

Der stiene huzen
der wiene minsken
der wie in hok!

(54)

Huzen en hok wiene fan de famylje
Atema, Louw en Fogeltsje.

Har bern oan it paadsje wiene
Hindrik, Jan, Gauke, Douwe, Auke
en Afke.

Atema wie neist
de brânjeman, ek fisker! Mei de
skou foar de wâl ta geriif dêrfan.

En dêrby, it buorhok, ta wurk en
geselligens, fan iens klompmakkerij,
mei ek dêr kunde oer, en fan.
Sa fertelde my in pakesizzer,
dit wittende, fan syn pake Louw.

(55)

It wie de famylje Gerrit en Kee Duiker
dy't yn it oare hûs, lofts tusken
Atema's hûs en hok, wennen.

Duiker wie iens skipper,
letter boeiersfeint by Pyt Bokma
fan Ljouwert.

Men hie ferkeap
fan krudeniërsguod, sa sein
"oer de drompel", en
it fierdere ferrin wie sa:

In winkel yn tougerei,
mûlk skippersark, yn it eardere heech
pakhûs oan Oerhaalspaad en Grou,
yn doe de foarkant fan it pand,
wat no de sydmuorre is.

Dizze feroaring troch de oanliz
fan de kade, ta stân kommen
om '20 hinne.

En wat no Bistrotroch hjiit en is,
wie iens de nij opsette krudeniers-
winkel fan de famylje Duiker.

It wie frou Hoenevelds Tryntsje
dy't út de Fabrykssteech fandinne,
- har man wie in earsten
by de Firma -
nei Baai's hûs kaam.

Har dochter wie Tsjitske,
de lettere frou Nieuwenhuis.

De soan wie Merten,
troud mei Lokke Bouma.
Sy ferhuzen mei de Van der Ploeg's
nei Apeldoorn.

Kamen as 60-plussers nei Grou
werom, en setten har
te wenjen yn 't nije Grou.

Ek oan de Baai, wie 't
gaadlik wenjen.

Sa seine Kees en Fetsje
Bloemsma, en ek
Úlkje, frou Bruinsma,

en in nocht te sjen, sa't
it Halbertsma's folk
dwaande wie mei lossen - laden
oan wâls kant
fan de Baai!

En it fabryk spile syn liet,
dei oan dei,
ek ta wolstân fan de kade mei.

* * *

Boochstrjitte / Twadde steech West-kant

En fan de Trijehoek
nei de Buorren,
it slústik fan
"Tusken Griene en Baai"

Mei op de hoeken fan
Riedhûsstrjitte - Boochstrjitte,
twadde steech, de famyljes
Riemersma en Tichelaar.

(56)

Rjochts, yn it fan âlds
bekende hûs,
wennet de famylje

Riemersma-Boonstra.
Ek earder dêr Halbertsma's
personielsleden,

sa as de haadboekhâlder
famylje Oosterhout-de Jong
en oaren.

Foar dit tiidskoft
wie it de **tsiiskeapman**
Jochum Zuidema
dy't mei syn trije susters,
wêrfan ien troud, en

bytiden ek mei de soan
Jan Taconis,
dit hûs bewenne.

Yn jierren in foarnaam hoekje
mei troch it **hearehûs**
fan de Halbertsma's,
en dêr njonken
it libbene domein
fan de **Gemeente**.

Zuidema wie, sjoen troch
it berne-each, in deftich man

't Goud hjir en dêr
spruts wol oan ! - 1910

*It Pakhús fan de famylje stie,
wêr't de Waachshaven eartiids yn
de Grou útkaam, oan rjochtse wâl,
letter nei de dimping
oan de dwerskade, dêr oanlein fanôf
it hotel Oostergoo.*

*Efter in âlderwetske
ûnder- en boppedoar
lei, leech ûnder de balken,
de tsiis op de stelling.*

*Beammen oan wâls kant,
pream foar de wâl,
ta ferfier
fan keapmans saken.*

*In gaadlik hoekje
oan 'e Grou.*

*Sipke Nijdam, Sipke Haitske,
wie de pakhúsfeint.*

*En oan de nije -Nieuwe- Kade no,
fynt men efter de âlde gevel
gjin tsiis,*

*mar wol de namme
De Vries – Seilmakkers
werom.*

*De susters Zuidema wiene
foar ús it meast bekend fan
har âlden, en ôfgean.*

*Wis ha se ek fleuriger
tiid en jierren kend.*

*Sa wie Jehanne Zuidema, nêst
oare foaroansteanden fan
'r Grouster froufolk,
kommisjelid fan
Dorkas.*

De Frisia fan 1913 skriuwt it sa.

*Dorkas te Grou hâldt de jierlikse
útrikking fan klean
oan behoeftigen
op 11 desimber,
yn de tsjerkekeamer
fan de Menniste Gemeente.*

*It guod leit fan ien oant trije oere ree,
en foar de honoraire leden te besjen.*

En de Dames Kommissjeleden wiene

*Margo van Gulik, Tine Halbertsma,
de lettere frou Mulder,
Juffer Leopold, Tryntsje en Gepke
Hellinga,*

*Lokke en Pytsje Dokter fan
"Hotel Oostergoo".*

*Louise Visser fan de Mole,
Jehanne Zuidema,
Doetsje Budstra fan
"Hotel van Stralen".*

*Jantsje Kerkhof en Wilhelmina
Rinia van Nauta, de lettere
frou Van der Ploeg,
fan de filla oan de Grousterdyk.*

*Jan Taconis troude mei
immen út Wolvegea en sy wennen,
mei de mem by harren yn,
foar it hearehús-buorkerij
"Abbema" oer, hjoed de Vivo.*

*En wy, myn broer Jan en ik, gongen
nei de Zuidema's te Nijjierjen,
dit troch freone relaasje
mei de âlden.*

*Mei in dûbbeltsje fan de keapman
en in appel fan de dames
gongen wy ferguld op hús ta. 1910*

(57)

*It wie ek yn dy jierren en sfear,
dat efter de Zuidema's
de Steech of Boochstrjitte yn,
de kleanmakker Rinse Epema of
Rinse en Afke wennen.*

*De fakman snidere destiids
foar ús pake, it fest, en de broek
mei de flap.*

*Epema wie hierder fan de rjochter helte
fan it rojale boargerhûs, oan en
benei steechs ein.*

*Fan ús jierren leit de namme
Rinse Epema, en dan as skilder,
ek iens syn heit Anne,
"efter de Toer", de Tsjerkestrjitte.*

*Yn de Boochstrjitte ha, yn neamd hûs, en
as personiel fan Halbertsma û.o. de
famyljes Pijl en ek sa Piter en Libe de
Vegt-Bijlsma wenne, de fabryksstoker.*

*En it wie by dizzen, dat er iens in hear
lâns kaam, en frege ris binnenshûs
sjen te meien.*

*Frou De Vegt fertelde letter, mei in
smout ferhaal derby, dat it
nimmen oars west hie, as
Tsjalling Hiddes Halbertsma.*

*De eardere eigener en bewenner
fan it hûs, doe, yn syn gehiel.*

*De pealtjes ferbûn
mei de keatlings,
as skieding fan eigen
en oarmans grûn.*

*ek yn De Vegts tiid
toande it pand noch fan dy glâns.
Sa sei frou De Vegt.*

*Ek yn de loftse helte wenne
Halbertsma's folk. Sa as
Douwe de Wind, as de monteur,*

*en Willem Spoelstra as monteur
en sjauffeur yn Halbertsma's tsjinst.*

*Willem en Anne wiene ek iens it
kosterspear fan de
Menniste Gemeente (o).*

(58)

*En noch earder, lofts yn dit boargerhûs,
wie it de út 'e Jordaan kommen
slachter Wypke Sints de Jong,
mei winkel en
slachthûs dernjonken.*

*Mei in Halbertsma's hok tusken
beiden, hat er syn bedriuw dan
njonken Jurjen Bokma, dy't
oan de Trijehoek slachter wie.*

*Om 1912 hinne wurdt Lykele Buwalda
De Jong's opfolger, hjir oan de
Booch, en hy, Buwalda, bringt de
slachterssaak yn likernôch '18
oer nei de Riedhûsstrjitte (n),*

*yn 't hearehûs fan de famylje
Van der Ploeg, dy 't nei
Apeldoorn ferhuze wie.*

*Pyt Buwalda set âlders saak fuort.
En nei syn tiid falt slachtersdoar ta.*

*Dochs iens, ûnder de Firmanamme,
tsjinne de eardere
slachterij oan 'e Booch,
ta kantine en letter ta dûsromte.*

*Yn '14-'18 stie dizze waskerij
ek ta tsjinst fan de Belgyske
flechtlingen.*

*Harren thús wie yn de
Bewaarskoalle,
in inkelen-ien by in partikulier.*

*Boochstrjitte / Twadde steech
East-kant*

(59)

*Foaroan lofts, hoeke
Riedhússtrjitte-Boochstrjitte,
wennet de famylje Tichelaar,
flot sein Hyltsje en Bike.*

*Sy wennen yn in hús
fan âlde stimpel.
Wy boarten om Booch, en
foarlâns dit hús.*

*'t Hat der altyd stien
't stiet der noch, mei
syn âlderwetske foardoar
sa breed, sa smel,
mei de iens opmakke
kruk der oan.*

*Wy lutsen yn 't skimer
oan dy skelle dêr - 't lûd, klinkt
noch nei.*

*Lútsen-Post, de Jong,
wipte de brief troch 't gat
yn 'e muorre mei koper beslein.*

*De fjouwer pealtsjes foarhús,
mei har keatlingen dertusken,
pronkje lykas by de buorlju, noch
en sprekke as de gevel,
fan eardere tiid
en wolstân oan
Grouster Buorren.*

*Dit hús wie iens eigen fan de
famylje Kingma Boltjes, en Geeske,
widdo Noorderhaven,
wie de hierster!*

*Simmerdei, kaam de famylje Boltsjes
ta fakânsje nei Grou.
Hie dan rjocht op 't hús, en wie
Geeske betsjinster*

*op eigen hiem,
yn 'e pronk - 't Goud op - 't Swart oan.*

*'t Hús hie dan ek iepener oansjen;
de fitraazje wat fansiden lutsen,
it sko-finster de hichte yn,
sloech in griis burdich hear
"yn rêst" drokte
op Grouster buorren gea.*

*In oare simmernocht fan dizze famylje
wie it jacht de "Njord", dêr 't men
ûnder tasjend each fan skipper
Jelle Tinus Sietema,
Mar en Ie mei oerglydt.*

*Iens hie de famylje simmerferbliuw
oan de (Nieuwe) Kade, en de Sietema's
permanint. Nei ús wenjen dêr,
no Wapstra's hús.*

*In jongere generaasje Kingma Boltjes
sette de tradysje fuort oan 'e ein
-rjochts- fan de Waachshaven, mei
fam. H. Veenstra as fêste bewenners,
no J.J. Brouwer.*

*En efter it no Tichelaars hús
de Boochstrjitte yn.
Hjir stiene iens fjouwer huzen.*

*It fierste makke plak foar de nije
smidswinkel (42) fan De Visser.
Nei 't ik mien
wenne hjir earder de famylje
Fokkinga. Klaas wie boerearbeider
en Aaltsje hâlde mei oaren de
Grutte Skoalle skjin. Harren soan
Berend letter hotelier yn û.o. Áld
Skou en Ljouwert.*

(60)

*Lofts dêrfan wenne
frou De Vries, de boardsjewasker.
Mei soan Ruurd en swager Ruurd.*

*Nei dizzen dêr, famylje Walsweer,
de pakhúsfeint fan*

*de Graankeapman Lykles.
Sy stutsen nei tiid
de seeën oer.*

*Lieten har famke
Hinderika efter,
dy 't by pakhúswâl
de dea fûn hie.*

*Famylje Kampen,
Marten en Rut Dorhout,
komme nei de Boochstrjitte en
keapje it hûs, en ferbouwe it
mei it tredde húske (61), ta ien.*

*Kampen wie skilder en fakman.
Al sa ek, yn Halbertsma's tsjinst.*

*En dan as lêst is it de Grutte baas,
dy 't baas wurdt, ek oer
Kampen's hûs, en it yn earsten ta
fabryksdoel brûkt.*

(62)

*En njonken dit,
en efter it Tichelaars hûs,*

*stie in krudenierswinkel.
It winkeltsje fan de steech,
't koe net op.
Dêr't in Sjoukje wenne.*

*En nei har, by wiksel,
Jan Gorter, fan Apollo, mei Tsjitske.*

*Anderske, mei Kleine, de hûn.
Aukema mei Teake Jeltsjes dochter
Hindrikje.*

*Jan Jonker mei syn frou Tsjitske
en ek sa de famylje Van der Iest.*

*Klompmakker Otter
slute de rige,
neidat er yn '52 dêr Baas
yn eigen hûs wurden wie.*

*'t Fierdere ferrin leit
foar de hân.*

*Iens gong ek dit perseeltsje oer,
en foel om.*

*It winkeltsje hat net
foar eltse famylje tsjinst dien.
Mar 't hat dêr grif
ek sûnder dat
goed wenjen west. Sa as:*

*'t steechs ein foar it praatsje,
it deistige libben
ticht oan de buorren,
't barren om 't Hûs
fan de Gemeente*

*It libbene fan it fabryk
't kommen en gean fan 't folk, en*

*Sjedêr! De fluit dy't troch
lûd en liet, 't sein joech
ta oere en tiid.
Regel fan fabryk en dei.*

*It betroude lûd
foar minske en doarp.*

*Omfallen de piip, hy
en mei him
it ferline bedutsen.*

*It juster is foarby
Hjoed, no is de wiksel
Moarn is alles nij*

*En op it âlde bestek stiene goed 60 behuzingen
dêryn begrepen 18 winkels en hast likefolle
oare 'bedrijvigheid', en hjir wennen by wiksel
mear as 200 minsken.*

*13 oktober 1983
H. Veenstra-Boerke
De Vlet 5, Grou*